WURKBOEK



STREEK TROCKEN DES SEE

STREEK TROCH DE SEE

Tekst: Bureau Cassandra Carmio, Amersfoort

Grafyske foarmjouwing: Grafisch ontwerpburo 'De Zaak', Rudolf Martin , Lelystêd

Dit boek is ta stân kommen yn in gearwurkingsprojekt fan:
Suderseemuseum, Inkhuzen
www.zuiderzeemuseum.nl
Kazemattenmuseum, Koarnwettersân
www.kazemattenmuseum.nl
Nieuw Land Erfgoedsintrum, Lelystêd
www.nieuwlanderfgoedcentrum.nl
Rykswettersteat Tsjinst Iselmargebiet, Lelystêd
www.rijkswaterstaat.nl

By it 75-jierrich bestean fan 'e Ofslútdyk.

Mei tank oan 'e Iepenbiere Basisskoalle De Tweemaster, Inkhuzen en it Martinuscollege, Grootebroek

Mei stipe fan de Mondriaan Stichting, Stimulearringsfonds foar de byldzjende keunst, foarmjouwing en kultureel erfgoed en it Fonds foar Amateurskeunst en Poadiumkeunsten.

De útjouwer hat der nei stribbe de rjochten oangeande de yllustraasjes neffens de wetlike bepalingen te regeljen. Dyjingen dy't nettsjinsteande miene beskate rjochten jilde kinne te litten, kinne har altyd by de útjouwer melde.

* Dizze útjefte is it resultaat fan in gearwurkingsferbân tusken Suderseemuseum Inkhuzen, Kazemattenmuseum Koarnwertersân, Nieuw Land Erfgoedsintrum Lelystêd en Rykswettersteat Tsjinst Iselmargebiet Lelystêd.

Ynhâldsopjefte

	Side
Ynlieding en wurkwize	**4**
Haadstik 1 De Oflútdyk; hoe en wêrom	**5**
Haadstik 2 De weiwurden wrâld	**8**
Haadstik 3 De Ofslútdyk as ferdigening	**12**
Haadstik 4 De nije wrâld	**15**
Haadstik 5 De Ofslútdyk en de takomst	**18**

Ynlieding

Streek troch de see

Dit Wurkboek heart by it Basisboek oer de Ofslútdyk. Hast alle fragen en opdrachten kinst meitsje mei help fan it Basisboek. Mar soms moatst oare boarnen brûke. Sa as skiednis- of ierdrykskundeboeken. Of do brûkst de kompjûter en ynternet. Tink sels ek goed nei, miskien witst mear ast tinkst. En soms moatst sels ek wat betinke.

Nei it museum!

By elk haadstik sitte ek fragen dy'tst allinne yn it museum beäntwurdzje kinst. Dus kom te sjen en te ûntdekken.

Ast dit wurkboek goed trochwurke hast:

kinst:

- opdrachten mei help fan 'e atlas meitsje
- mei in groepke gearwurkje
- út alderhanne boarnen, sa as ynternet, ynformaasje helje en brûke.

Witst:

- hoe en wêrom de Ofslútdyk oanlein waard?
- dat de Ofslútdyk belangryk wie foar ferdediging wie
- wat de 'weiwurden wrâld' en de 'nije wrâld' is?
- wat belangryk is foar de takomst fan 'e Ofslútdyk & de Iselmar?

In soad plezier mei de fragen en opdrachten!

Haadstik 1

De Ofslútdyk; hoe en wêrom?

1. Wat witst al oer de Ofslútdyk?

2. Wêrom wie de Ofslútdyk nedich?

3. Wa wienen tsjin op 'e ôfsluting fan 'e Sudersee en wêrom?

4. Wat is it plan-Lely?

5. Wannear begûnen se mei it bouwen en wa wurken der allegearre oan mei?

6. Troch de Ofslútdyk ferdwûn de Sudersee en ûntstie de Iselmar. Skriuw de ferskillen tusken de beide wetters op.

7. Watfoar masines brûkten se by it oanlizzen fan 'e Ofslútdyk?

8. Hoe bouden se de Ofslútdyk? Watfoar materialen waarden brûkt?
Jou yn 'e tekening oan wêr't watfoar materiaal sit.



9. Hoe lang, breed en heech is de Ofslútdyk?

10. Hoefolle koste de Ofslútdyk? Hoefolle is dat no yn euro's?

11. Wêrom hat de Ofslútdyk slûzen?

12. Hasto wol ris op 'e Ofslútdyk west? Hoe fûnst dat?
Wat kinst dêr besjen?

13. Der binne in protte foto's, films en tekeningen fan 'e Ofslútdyk makke. Hasto dat ek wolris dien? Sykje ris wat plaatsjes byinoar, dat mei ek mei syn twaen. En meitsje der in kollaazje fan, sa asto de Ofslútdyk sjochst.

Haadstik 3
De weiwurden wrâld

1. Watfoar hannel gie der allegearre fia de Sudersee?

2. Wat is de VOC?

3. Wat is in Hanze?

4. Hoe ytsto dyn hearring? Mei sipeltsjes? En wêr komt dat gebrûk wei?

5. Om 1900 hinne gie it goed mei de fiskerij op 'e Sudersee.
   Neam fjouwer beroppen dy't mei de Suderseefiskerij te krijen hienen.

6. Neam trije soarten fisk dy't op 'e Sudersee fongen waarden.

7. Watfoar klean droech in fiskerman om 1930 hinne?

8. Sjoch ris nei de skilderijen hjirneist oer de Sudersee en it fiskerslibben. Hokker fynsto it moaist, of sprekt dy it measte oan? Wêrom?

9. Wêrom gienen no sa'n soad keunstners krekt nei Folendam?

10. Wêrom wie Hotel Spaander belangryk?

11. Wêrom tinke in soad bûtenlanners dat wy op klompen rinne en kapkes op hawwe?

12. Wêrom hongen de flaggen healstok doe't de Sudersee ôfsletten waard?

13. Wat wie it grutte neidiel fan it wenjen oan 'e Sudersee?

14. Watfoar gefolgen hie de ôfsluting fan 'e Sudersee foar de natuer en de minsken?

15. As de Sudersee net ôfsletten wie, hoe soe it dan no wêze tinkst?

16. Fan it libben op en oan de Sudersee binne in protte skilderijen en foto's makke. Ek waarden der in soad gedichten skreaun oer dizze weiwurden wrâld, sa as de Suderseeballade.
Meitsje no sels in rap of in gedicht oer de Ofslútdyk of oer de weiwurden wrâld.

Wolst mear witte oer it libben oan de Sudersee? Gean dan ris nei it Suderseemuseum. Dêr fynst ek de antwurden op de folgjende fragen.

17. Marken waard geregeldwei troch de Sudersee oerstreamd. Yn in oere tiid stie it eilân dan hielen dal ûnder wetter. Dochs hâlden de bewenners meastentiids droege fuotten. Hoe krigen se dat foarinoar? Gean nei it Sudersee-museum en do kinst it sjen.

18. Yn it Sudersee-museum stiet in rychje huzen út Monnickendam. Trije kear yn 't jier waarden de ûnderferdjippingen fan dy húskes troch de Sudersee oerstreamd. Nettsjinsteande dat ûngemak woenen de bewenners dochs graach yn dy huzen wenje. Wêrom?

19. Doe't de Sudersee bestie, hienen de minsken noch gjin frieskisten en iiskasten. Dochs koenen de Suderseefiskers op har boaten de fongen fisk sa bewarje dat dy farsk bleau.
Hoe dienen se dat?

20. Yn it Sudersee-museum stiet it hûs fan in echte held: Frederik Croes. Watfoar heldedied die hy?

21. Hasto oait de winsk hân om in reis werom yn 'e tiid te meitsjen, sa as Dolf yn 'Krústocht yn spikerbroek'? Dat kin yn it Sudersee-museum. Gean yn it museumpark nei de wyk Urk en do bist mei ien stap yn it jier 1905. Dêr kinst alles oer de Sudersee freegje oan in echte Suderseefisker- en fiskersfrou.

Haadstik 3

De Ofslútdyk as ferdediging

1. Wat is de Festing Hollân?
   Tekenje op it kaartsje wêr't dy wie.

2. Wat wie ús bysûnder ferdedigingswapen?

3. Wat hie it Ministearje fan Oarloch mei de Ofslútdyk te krijen?

4. Wannear gie de minister akkoart?

5. Wat binne kazematten en wêrom hite se sa?

6. Foar hoefolle soldaten waard der itensean?

7. Hasto wolris yn in kazemat west? Sa al, wat fûnst dêrfan?

8. Meitsje in tekening fan in kazemat mei in kanon.

9. Wêrom neamden de Dútsers de Ofslútdyk ek wol de 'Totendamm'?

Wolst mear witte oer de Ofslútdyk as ferdigening en oer it libben fan 'e soldaten? Gean dan ris nei it Kazemattenmuseum op Koarnwertersân en sjoch om dy hinne yn 'e kazematten. De antwurden op de folgjende fragen kinst dêr fine.

10. Wienen der allinne Fryske militêren?

11. Hoefolle ûndergrûnse ferbiningen wienen der?

12. Hoefolle itensiederspotten stean yn 'e keuken yn Kazemat XIV?

13. Wêr sit it gat yn 'e helm fan soldaat Kaspersma?

14. Hoefolle kanonnen sieten yn 'e achterste toer fan de Johan Maurits van Nassau?

15. Wa syn heit wie sersjant by de lichte loftdoelartillery op Koarnwertersân?

16. De doar yn Kazemat V is hielendal fersetten; hoe komst der dan dochs noch út?

Haadstik 4

De nije wrâld



ENKHUIZER COURANT

van VRIJDAG 7 JUNI 1901.

Tweede Blad.

GEWIJZIGD ONTWERP

1. Wêrom soe dit ûnderdiel 'de nije wrâld' hite?

2. Watfoar polder is de Wieringermarpolder?

3. It ynrjochtsjen fan 'e polders waard goed taret. Wat hâlde dat yn?

4. Hokker eardere eilannen binne yn 'e Noardeastpolder opnommen?

5. Wat gebeurde der yn Urk?

6. Foar dizze opdracht moatst gebrûk meitsje fan 'e atlas en oare boarnen.
Doch de folgjende opdrachten:

a. skriuw it jiertal fan it droechlizzen fan 'e polder op.
b. kleurje de gebieten foar de lânbou ljochtbrún
c. kleurje de gebieten foar de túnbou giel
d. kleurje de wengebieten read
e. kleurje de bosk-, natuer- en rekreaasjegebieten grien.



7. Wêr komt de namme Flevopolder wei?

8. Koe elkenien nei de polders ta gean te wenjen? Watfoar easken wienen der?

9. Wennesto ek op in plak dêr't earder wetter wie?

10. Wat wolle de keunstners sizze mei har lânskipskeunst?
Foar dizze fraach moatst ek mear ynformaasje opsykje. Yn boeken of op ynternet.

Wolst mear witte oer de 'nije wrâld'. Gean dan ris nei it NieuwLand Erfgoedmuseum yn Lelystêd. Hjir kinst ek de antwurden op de folgjende fragen fine.

11. Yn 'e Noardeastpolder stienen hiel wat skokbetonskuorren. Dy koenen fluch yninoar set wurde. Ien fan dy skuorren is ôfbrutsen en wer opboud en stiet no neist it NieuwLand erfgoedmuseum. Ast troch de doar links nei bûten rinst, sjochst in oantal masines stean. Hoe hyt de masine rjochts? En wêr waard dy foar brûkt?

12. By de resepsje kinst in audiogids helje. Rin de twa treppen op en gean nei links. Dêr is it kabinet fan Skoklân. Harkje nei it ferhaal fan Aaltsje. Wannear is se fan Skoklân ôfgien? Wêrom? En wêr gie se hinne?

13. Noch in trep op en do sjochst no it kabinet fan Urk. Harkje nei it ferhaal.

14. Ast by de trep delgiest, sjochst by it rút in wite bank. Op 'e tv fertelle… en… wannear't se in pleats krigen. Wêr wie dat?

Haadstik 5

De Ofslútdyk en de takomst

1. Wisto dat út de romte wei twa bysûndere bouwurken te sjen binne? Dat binne de Sjinese Muorre en de Ofslútdyk. Sjoch mar ris op Google Earth.
   Hoe lang is de Ofslútdyk en hoe lang de Sjinese Muorre?

2. Is de Ofslútdyk heech genôch? Wêrom?

3. Wêrom is de Iselmar belangryk?

4. Wat is en docht Rykswettersteat?

5. Sykje út en fertel hoe't it sit mei de Markerwaard. Is dat in polder?

6. Watfoar ideeën binne der allegearre foar de Iselmar?

7. Wat soe der allegear yn 'e takomst kinne mei de Ofslútdyk?

8. Wat is dit?

9. Betink en tekenje sels in 'wyld' plan foar de Iselmar of de Ofslútdyk.

Hjir noch fragen dy't allinne te beäntwurdzjen binne by in besite oan it Informatiecentrum Op de Dijk?

9. Welke (of hokker?) yngenieurs hiene ek plannen makke foar de Sudersee?

10. Hoe soe it Iselmargebiet der no út sjen wannear't de Sudersee net ôfsluten wie? Wat tinksto?

11. Welke (of hokker?) fisken en fûgels libje der yn it Iselmar?

12. Wêrom moat der in noch in spuislûs bykomme yn 'e Ofslútdyk?

13. Wêrom wurdt der in fiskpassaazje oanlein yn de ekstra spuikapasiteit?

14. Hoefolle wetter yn ‘e sekonde kinne de spuislûzen losse?

15. Hoefolle beropsskippen en plezierboaten geane der yn ’t jier troch de skutslûzen by Den Oever en Koarnwertersân?